

Examen VWO

2025

tijdvak 1
maandag 26 mei
9.00 - 11.30 uur

Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 34 vragen.
Voor dit examen zijn maximaal 42 punten te behalen.
Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd. Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

VW-1017-a-25-1-o



Tekst 1 Hiel de wrâld yn dyn memmetaal

- 1p 1 Wat is it ferbân tusken de alinea's 1 en 2?
- A Alinea 2 jout in gearfetting fan wat yn alinea 1 útlein is.
 - B Alinea 2 jout in opsomming fan wat yn alinea 1 útlein is.
 - C Alinea 2 jout in útlis fan wat yn alinea 1 útlein is.
 - D Alinea 2 jout in útwurking fan wat yn alinea 1 útlein is.
- 1p 2 Wat is neffens de tekst in ferskil tusken it Hokkyn en de twa Keniaanske minderheidstalen op it mêd fan spraakoersettingen?
- “Wylst spraakoersetting noch yn de bernskuon stiet”. (r. 48 en 49)
- 1p 3 Fan watfoar foarm fan byldspraak is yn dit sinpart sprake?
- A It is in ferliking.
 - B It is in metafoar.
 - C It is in metonymia.
 - D It is in personifikaasje.
- 1p 4 Wat is it ferbân tusken de alinea's 3 en 4?
- A It is in opsomjend ferbân.
 - B It is in redenjaand ferbân.
 - C It is in tsjinstellend ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 5 “de technology dy't by oersetmasinen ûnder de motorkap sit.” (r. 74-76)
Sitearje in **sin** út alinea 4 én in **sin** út alinea 6 dy't in omskriuwing fan dy technology jout.
- De volgende inleiding hoort bij de vragen 6 en 7.*
- “Dat ferskynsel neame se ‘emergence’”. (r. 101 en 102)
- 1p 6 Lis op grûn fan de tekst yn eigen wurden út wat ‘emergence’ betsjut.
- 1p 7 Lis yn eigen wurden de ferliking tusken AI en it minsklik brein út sa't dat yn alinea 8 foarsteld wurdt.
- 3p 8 Jou de tekoartkommings dy't LLM's op dit stuit hawwe en de gefolgen dêrfan yn ûndersteand skema wer.
Nim it skema oer. Basearje dyn antwurd op de alinea's 9 en 10.

	Tekoartkomming	Gefolch
Alinea 9		
Alinea 10		



- 1p 9 Ta hokker gefolgen kinne flaters yn oersettingen troch oersetmasinen liede?
- 1p 10 Wat binne neffens Zuidema maatregels om LLM's regulearje te kinnen? Helje dyn antwurd út alinea 13.

“Yn Silicon Valley, de techhaadstêd fan de wrâld, is keunstmjittige yntelliginsje ek in wedstriid yn wa't de moaiste takomstmuzyk skriuwe kin.” (r. 207-211)

- 1p 11 Hokker konkreet foarbyld fan takomstmuzyk wurdt yn de tekst werjûn?
- 1p 12 Wat is de funksje fan de lêste alinea?
- A Alinea 14 jout in ferwachting foar de takomst.
 - B Alinea 14 jout in gearfetting fan de tekst.
 - C Alinea 14 jout in konklúzje fan de foargeande alinea.
 - D Alinea 14 jout in taljochting op de eardere probleemstelling.

- 2p 13 Yn hokker **fiif** alinea's wurdt yngien op de negative kanten fan taalmodellen?

De volgende inleiding hoort bij de vragen 14 en 15.

Oan de ein fan de ynliedende sinnen boppe de tekst stelt de auteur de fraach: “Mar sit dêr ek in gefaar yn?”

- 1p 14 Wurdt yn de tekst antwurd jûn op dy fraach as “dêr” ferwiist nei de selslearende taalmodellen?
Sa ja, motivearje dyn antwurd. Sa nee, antwurdzje dan ‘nee’.

- 1p 15 Wurdt yn de tekst antwurd jûn op dy fraach as “dêr” ferwiist nei it takomstbyld dat alle minsken inoar ferstean kinne?
Sa ja, motivearje dyn antwurd. Sa nee, antwurdzje dan ‘nee’.

De titel fan de tekst is ‘Hiel de wrâld yn dyn memmetaal.’

- 1p 16 Ferklearje de titel.

- 1p 17 Watfoar tekstsoarte is ‘Hiel de wrâld yn dyn memmetaal’?
- A It is in redenearring.
 - B It is in skôging.
 - C It is in útiensetting.



Tekst 2 Jou it Fryske ferline takomst

- 1p 18 In ynlieding boppe in tekst kin ûnder mear de folgjende funksjes hawwe:
- I de formulearring fan in probleem
 - II de formulearring fan in stânpunt
 - III in gearfetting fan de tekst foarôf
 - IV in ûnderbouwing fan de titel

Hokker twa funksjes passe by de ynlieding boppe de tekst?

- A I en II
- B I en III
- C I en IV
- D II en III
- E II en IV
- F III en IV

De volgende inleiding hoort bij de vragen 19 en 20.

Yn alinea 2 stiet twa kear “soks”.

- 1p 19 Wat wurdt mei “soks” yn rigel 11 bedoeld?
- 1p 20 Wat wurdt mei “soks” yn rigel 19 bedoeld?

“Benammen foar Nederlanners is dat wichtich.” (r. 21 en 22)

- 1p 21 Lis yn eigen wurden út wêrom’t de skriuwer hjir it wurd “benammen” (r. 21) brûkt.
Basearje dyn antwurd op alinea 3.

Yn alinea 4 wurdt praat oer in doel.

- 1p 22 Wat is it doel dêr’t de skriuwer nei ferwiist?

“Dochs hat sa’n erkenning twa kanten.” (r. 64 en 65)

- 2p 23 Lis út hokker twa kanten oft dêrmei bedoeld wurde.
Basearje dyn antwurd op de alinea’s 6 en 7.

“Yn de byldfoarming spilet soks ûnmiskenber in rol.” (r. 77-79)

- 1p 24 Lis yn eigen wurden út wat it gefolch fan dy byldfoarming is.
- 2p 25 Wêr docht út bliken dat de “negative konnotaasjes” (r. 72 en 73) yn de deistige praktyk ek ta utering kamen?
Basearje dyn antwurd op alinea 9.

“negative assimilaasjepolityk” (r. 114)

- 1p 26 Wurdt der al of net in definysje jûn fan ‘negative assimilaasjepolityk’ yn alinea 10?
Lis dyn antwurd út.



- 1p 27 Wat is it ferbân tusken de alinea's 7 oant en mei 10 en alinea 11?
A It is in konkludearjend ferbân.
B It is in redenjaand ferbân.
C It is in tsjinstellend ferbân.
D It is in útlizzend ferbân
- 2p 28 Hokker **trije** foarbylden wurde neamd om de marzjinalisearring fan de Fryske skiednis te yllustrearjen?
Basearje dyn antwurd op de alinea's 12 en 13.
- Yn alinea 15 jout de skriuwer oan dat Nederlân ferplichtingen hat foar de Friezen oer.
- 1p 29 Yn hokker eardere alinea wurdt de befêstiging fan dy ferplichtingen beneamd?
- 3p 30 Hokker **seis** partijen hawwe neffens de skriuwer ferantwurdlikheid as it giet om it fertellen fan it ferhaal fan Fryslân?
Basearje dyn antwurd op de alinea's 17 oant en mei 19.
- Alinea 19 kinst opdiele yn twa tekstparten;
tekstpart 1: "Dat it ... ús ferhaal." (r. 240-252)
tekstpart 2: "Dêrnei binne ... mei begjinne." (r. 252-261)
- 1p 31 Hokker bewearing jout it ferbân tusken de tekstparten it bêste wer?
A Yn it twadde tekstpart stean betingsten by de ynhâld fan it earste tekstpart.
B Yn it twadde tekstpart stean konklúzjes by de ynhâld fan it earste tekstpart.
C Yn it twadde tekstpart stiet in oanfolling op útspraken fan it earste tekstpart.
D Yn it twadde tekstpart stiet in tsjinstelling op útspraken fan it earste tekstpart.
- "Hoefolle enerzjy ... foarme hawwe?" (r. 212-214)
Yn de alinea's 17 oant en mei 19 wurdt net direkt antwurd jûn op dy fraach.
- 1p 32 Sitearje út dat tekstpart de **sin** dêr't it antwurd al ymplisyt yn sit.
- 1p 33 Watfoar stylfiguer wurdt brûkt yn de titel?
A hyperboal
B paradoks
C understatement
D wurdboarterij

Let op: de laatste vraag van dit examen staat op de volgende pagina.



- 1p **34** Wat binne de wichtichste doelen fan de skriuwer?
- A** ferdivedearje en oertsjûgje
 - B** ynformearje en ferdivedearje
 - C** ynformearje en oantrune
 - D** oertsjûgje en oantrune

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift.

